

Ferwûndering oer mystearje fan libben en dea

FD 25-10-'13

It kleasterferhaal út *Kompleten* hie Marga Claus krekt yn 'e grûnferve doe't dúdlik waard dat har man Hans kanker oan 'e terms hie. Nei acht moanne fan grutte soargen, ferstoar er. Syn sykteferhaal makke it boek, wrang genôch, kompleet.

Literatuer

Gerbrich van der Meer

Har man Hans hie har it ûnderwerp taskikt. 'Soest net wat mei de brieven fan pater Rogatus Hoogma út Brazilië kinne', hie er sein. Doe't Marga Claus har yn 2010 foar acht dagen weromluts yn in Benedictinerkleaster naam se de wûnderbrieven mei. Ek om Hans. Om te lêzen.

Yn dy brieven út de fyftiger jierren skriuwt de Boalserter geastlike brieven oan syn famylje oer in wûnderlik barren yn syn melaatskenkoloanje. Oan in famke ferskynt hieltyd wer mem Maria. Fleske miswyn rinne oer fan libbens-

wetter en minsken knappe op as se der wat fan nimme. „Hoogma wie mar in gewoane jonge en in nuchtere Fries. En dan sokke wûnderferhalen skriuwe, dat is dochs yntrigearend?” Tidens har ferbliuw makke de skriuwster ek oantekens fan wat se dy dagen yn it kleaster meimakke. „Ik soe it nochris brûke kinne.”

Wer thús iepenbiere him al gau de sykte fan har man. „It skriuwen stie ynienen op in sêft sin, ik hie wol wat oars oan 'e holle.” Mar har man koe har as gjin oar. „As ik der net mear bin, moastst gau wer oan it skriuwen”, sei er tsjin my, ‘dat wurdt dyn rêding.’”

Op it lêst fan syn sykte en daliks nei syn dea wie de skriuwster al begongen om oantekens te meitsjen.

„Gewoan om alles foar mysels op in rychje te hâlden, der barde safolle.” De wurden fan har man yndachtich, helle se nei in pear wike nei syn ferstjerren har âlde oantekens wer te foarskyn. „Miskien dat je der dan foar iepenstean, mar ynienen lies ik allegearre hinnewizings nei de dea fan Hans. Dat falt my trouwens wol faker op. As je yn de djipste elinde sitte, steane je mear iepen foar symboalen, krekt as witte se je dan te finen.”

Sawol mei it kleasterferhaal as mei it ferhaal fan Hoogma hie de skriuwster foar de sykte fan Hans omtôge. „Ik hie twa ferhalen, mar it fiede net kompleet wêrtroch ik se beide net brûke koe. Pas doe't ik begong te skriuwen oer Hans foelen de oare ferhalen te plak. De titel *Kompleten* dy't slacht op it lêste breviergebed yn in kleaster, is ek letterlik te nimmen. It ferhaal wie kompleet, hoe slim as it ek is.”

Yn *Kompleten* beskriuwt Claus hiel summier it ferrin fan de sykte fan har man. „Hieltyd wer skrapte ik sinnen om by de essinsje út te kommen.” Foar de tredde persoan keas se. „Dêrtroch koe ik it skriuwe. Ut de reaksjes fan lêzers wit ik no ek dat sy har eigen sitewaasje dêrtroch makliker yntinke kinne.” As motto keas Claus foar in útspraak fan

Karen Blixen: 'Alle lijen is te fernearen as it yn in ferhaal past.' „Lijen is sa sinleas. Mar as it lijen fan Hans fia dit boek noch wat betsjutte kin foar oaren, dan is it miskien noch in bytsje te fernearen.” En it wurke lotterjend. „Meid”, sei Pieter Oussoren, ‘je hebt psalmen geschreven’.”

It wie of foarmen de oare twa ferhalen in sêfte bêding foar it fer-

As ik der net mear bin, moastst gau wer oan it skriuwen, dat wurdt dyn rêding

haal fan har man, fertelt se. „Yn it kleasterferhaal skriuw ik foaral oer de minsklike maat en beskriuw it izeren ritme fan it kleasterlibben. Oer susters fan fleis en bloed, mei har eigenaardichheden en deistige

soargen dy't soms al fjirtich jier lang alle dagen de getijden sjonge. Dat ferhaal fan weromkommende ingrediënten hie ik nedich foar it neakene, heftige ferhaal fan Hans dat oars hast net te fertarren wie.” Frjemdernôch spegelen de ferhalen elkoar soms, ûntduts de skriuwster. „It ûndergean fan gemokueren en it ynnimmen fan medisinen joech de dei bitter genôch inselde struktuer ast dy'tst yn in kleaster tsjinkomst.”

Literatuer hoecht lokkich gjin antwurden te jaan, wit Claus. „Libje mei fragen, dat is krekt de libbenskeunst. Oars kinst ek wol gek wurde.” Want wêrom wurdt de iene better, lykas yn de wûnderferhalen fan Hoogma, en hat de oare gjin skyn fan kâns?

„Yn *Kompleten* doch ik net oars as it mystearje fan leafde en leauwe, fan libben en dea sinjalearje. Nei oanlieding fan de poëzij fan Tsjêbbe Hettinga skreau David van Reybrouck: 'Sykje net om in kaai, want dy is der net. Der is faaks net iens in doar. Der is allinnich in dúnpan dêr'tst yn lizze kinst om nei de see te harkjen.' Yn syn wurden werken ik mysels: je kinne allinnich mar nei it mystearje sjen om jin der oer te ferwûnderjen.”

Kompleten, Marga Claus. Afûk, 17,50 euro